



Rijksdienst voor het Cultureel Erfgoed
Ministerie van Onderwijs, Cultuur en
Wetenschap

23/30

De Fryske Marren Haskerfeanpolder

In lanlik gebiet
fan nasjonaal belang



Op dizze loftfoto út 1945 binne de smelle, nei inoar ta rinnende kavels fan foar de ruilferkaveling goed sichtber.

foto Delta Data



It iepen lânskip fan de Haskerfeanpolder mei in typearjende brêge út de weropboutiid en in wat âldere boerepleats.

foto Trouw Veldhuis, RCE

Weropboudidrek

Wa't de kaart fan Nederlân fan ein jierren tritich ferliket mei dy fan ein jierren sechstich sjocht grutte feroarings. It oansicht en de ynrjochtings fan stêden, doarpen en lanlike gebieten binne yngriping feroare. De Twadde Wrâldkriich rjochte swiere ferwoastings oan. De gebouwen en ynfrastuktuer yn hûnderten doarpen en stêden leine yn pún of rekken swier beskeadige. Al wilens de oarloch begûn in sintraal late rykstsjinste mei it ferhelpen fan de oarlochsskea en de weropbou. Dat wie net de iennichste romtlike opjefte dêr't de oerheid foar stie yn it weropboudidrek. Foar de oarloch libben der al oare grutte winsken dy't noch net ferfolle wiene, lykas de útwreiding en fernijing fan stêden en de modernisearing fan it plattelân.

De weropbou wie tagelyk in didrek fan optimisme en modernisearing. Nije materialen en ferkavelingspatroanen diene harren yntrede, lykas in nije wykopbou mei in protte grien. It motto fan de stêd waard ljocht, loft en romte. Dêrnjonken kamen der hyltyd mear auto's dêr't yn 'e plannen rekken mei hâlden wurde moast.



Seleksje fan 30 weropbougebieten

De Rijksdienst voor het Cultureel Erfgoed hat tritich weropbougebieten selektearre út it didrek tusken 1940 en 1965. Yn dat didrek is in grut part fan Nederlân op 'e nij ynrjochte. Dat barde op in folslein oare wize as foar de oarloch. De selektearre gebieten jouwe mei-inoar in goed byld fan hoe't der tocht, boud en ynrjochte waard. De gebieten wurde beskôge as toanbylden fan it weropboudidrek. Se ûnderskiede harren nasjonaal of sels ynternasjonaal, bygelyks fanwegen de kwaliteit fan de arsjitektuer of as bysûnder foarbyld fan stêdebou of lânskipsynrjochting. De Rykstsjinste hat de gebieten yn trije gebietstypen yndield: de weropboukearnen (de ferholpen oarlochsskea), de nei-oarlochske wenwiken (de planmjittige, stêdlike útwreidingswiken) en de lanlike gebieten (agraryske ruilferkavelings- en lânynrjochtingsgebieten).

De rol fan it Ryk en de gemeenten


De seleksje as ien fan de 30 weropbougebieten soarget yn it foarste plak benammen foar mear omtinken en wurdearring. It Ryk hat derfoar keazen dy gebieten net as ryksbeskerme oansichten oan te wizen. De útdaging foar de gemeente en har bewenners is om in wize te finen dêr't nije ûntwikkelings en behâld fan it karakter fan it gebiet mei-inoar yn gear gean kinne. Weropbou is ien fan de fiif prioriteiten út de ryksnota Fisy erfgoed en romte. Kieze foar karakter (FER). Dy nota beskriuwt hoe't it Ryk in rol sjocht foar it kultureel erfgoed yn 'e romtlike oardering. Der wurdt ek sketst op hokker wize publike en private partijen op it mêd fan kultureel erfgoed en romtlike oardering gearwurkje moatte soene. It Ryk wol stimulearje dat de bysûndere eigenskippen, de kwaliteiten fan de weropbougebieten, yn 'e takomst ek werkenber oanwêzich bliuwe. Om dat te berikken wol it Ryk (bestjoerlike) ôfspraken meitsje mei de belutsen gemeenten.

Lanlike gebieten

Nei de oarloch feroaren de lanlike gebieten sterk fan karakter. Ferskate ûntwikkelings spilen dêrby in rol. Skea as gefolch fan de oarloch en de wettersneedramp fan 1953 waard repararre. Tagelyk late grutskalige ruilferkaveling ta werynrjochting fan hûnterttûzenen hektares kultuergrûn. Nederlân gong ek troch mei ynrjochting fan nij lân en ûntginning. De Haskerfeanpolder is troch ruilferkaveling op 'e nij ynrjochte. Karakteristyk foar it gebiet is it iepene en wrydske karakter.

30 weropbougebieten

- Weropboukearnen
- Nei-oarlochske wenwiken
- Lanlike gebieten
- De Fryske Marren Haskerfeanpolder



Weropboukearnen

01. Hengelo binnenstad
02. Katwijk aan Zee Boulevardzone
03. Den Haag Atlantikwallzone Kijkduin-Zorgvliet
04. Rhenen binnenstad
05. Rotterdam oostelijke binnenstad
06. Nijmegen binnenstad
07. Oostburg

Nei-oarlochske wenwiken

08. Groningen De Wijert-Noord
09. Emmen Emmermeer, Angelslo en Emmerhout

10. Nagele

11. Amsterdam Westelijke Tuinsteden
12. Hengelo Klein Driene I en II
13. Apeldoorn Kerschoten
14. Den Haag Mariahoeve
15. Leidschendam-Voorburg De Heuvel Prinsenhof
16. Utrecht De Halve Maan
17. Rotterdam Ommoord
18. Den Bosch Plan Zuid/De Pettelaar
19. Breda De Heuvel
20. Eindhoven 't Hool
21. Heerlen Vrieheide
22. Maastricht De Pottenberg

Lanlike gebieten

23. De Fryske Marren Haskerfeanpolder
24. Noordoostpolder
25. Vriezenveen
26. Berkelland Beltrum I
27. De Groep en omgeving
28. Maas en Waal-West
29. Veere Walcheren
30. Boxtel en Best De Scheeken



Atlas van de wederopbouw in Nederland

De atlas biedt in oersjoch fan de 30 selektearre weropbougebieten en fertelt it ferhaal fan de romtlike oardering yn Nederlân oan de hân fan in oantal essays.

ISBN 978-94-6208-092-8

Haskerfeanpolder De Fryske Marren is ien fan de tritich troch it Ryk selektearre nei-oarlochske gebieten mei in bysûndere kultuerhistoaryske betsjutting. De gebieten litte mei-inoar it didrek fan de weropbou sjen.

Mear ynformaasje

Wederopbouwlandschappen: 'de laag van de maakbaarheid', onderzoek naar Haskerveenpolder en De Groep, 2014, Feddes/Olthof Landschapsarchitecten bv yn gearwurking mei Franz Ziegler/Branderhorst voor architectuur en stedenbouw.

www.collegevanrijksadviseurs.nl/adviezen-publicaties/publicatie/2014/07/03/wederopbouwlandschappen-haskerveenpolder-en-de-groep

Rijksdienst voor het Cultureel Erfgoed (RCE)

De RCE stipet gemeenten by it opstellen en útfieren fan plannen dy't it karakter fan de weropbougebieten foar de takomst behâlde. De RCE fynt it wichtich dat spesifike kennis oer it weropboudidrek ûntwikkele wurdt en beskikber komt.

Sjoch ek: www.cultureelerfgoed.nl/dossiers/wederopbouw

De Fryske Marren Haskerfeanpolder

De bedoelde oanlis fan de rykswegen R38 en R43 wie de streekrjochte oanlieding foar de ruilferkaveling fan de Haskerfeanpolder. De nije diken soene de drege ferbining fan de pleatsen mei harren lân noch minder meitsje. Mar der wiene mear redens ta werstrukturearring, lykas ferbettering fan wetterhúshâlding en it fuortnimmen fan maatskiplike efterstân (streekferbettering).

De Haskerfeanpolder leit yn 'e trijehoeke De Jouwer, It Hearrenfean en Akkrum en leit op it krúspunt fan trije Fryske lânskippen: it marregebiet, it leechfeangebiet en Gaasterlân. Benammen fan de 17de iuw ôf oant yn de 20ste iuw is it fean ôfgroeven foar turfwinning. De boaiem sakke dêrtroch gâns mei as gefolch dat er hyltyd wieter waard. Geregeld hawwe der ynpolderings west fan 'ferdronken' parten fan de polder. Troch de Ruilferkavelingswet fan 1954 koe de polder op 'e nij ynrjochte wurde. Dat barde tusken 1957 en 1968 troch de Heidemij, de Untginningsmaatskippij De Trije Provinsjes en de Kultuertechnyske Tsjinst fan it ministearje fan Lânbou en Fiskerij. Uteinliken gong it om in gebiet fan 4.660 hektare. Nei de ruilferkaveling is de polder in stik bewenberder wurden. Der binne goed fjirtich nije pleatsen boud. Alle gebouwen krigen boppedat in oansluting op it elektrisiteits- en wetternet. Goed de helte fan de bewenners moast it foar de ruilferkaveling noch sûnder dy foarsjennings dwaan.

Nije diken en pleatsen

Foardat it wurk begûn, wie de ferkaveling fan 'e Haskerfeanpolder fynmêskich mei konvergêrende linen nei it noarden. Dy struktuer en de iepenens binne foar 't grutste part hantlavene. Der binne nije diken oanlein en de ûntsluting is ferbettere, mar de plende rykswei N38 tusken De Jouwer en Akkrum is nea útfierd. Om it wrydske karakter te behâlden is mar beheid beplanting oanlein.

By de nije diken lâns binne nije pleatsen boud, dy't gauris te werkennen binne oan de reade dakpannen dêr't de skylddakken mei bedutsen binne. Oare karakteristike nije eleminten yn it lânskip binne de betonnen plaatbrêgen. Weardefolle kultuerhistoaryske diken, ticht beplante leanen en in einkoai binne behâlden bleaun. Nije romtlike eleminten binne it Nije Hearrenfeanske Kanaal en de A7 (de eardere R43).

- 1 Egalisearringswurksumheden by de ruilferkaveling, mei help fan in smelspoar (1952)
- 2 Wrydske fiergesichten mei folwoeksen beamlinten
- 3 De wilens de ruilferkaveling nij oanleine dyk Lange Ekers
- 4 Ferbettering en ferbreiding fan de Grevenweg op 'e hichte fan de oansluting op de Middenweg


- 5 De bou fan in boerepleats (1960) hie wat fuotten yn 'e ierde
- 6 Ruilferkavelingswet Lange Ekers by de T-krusing mei de Zwarteweg
- 7 Ien fan de karakteristike pleatsen yn oanbou, 1960
- 8 Opfallend oan de weropboupleatsen yn 'e Haskerfeanpolder binne de reade pannedakken

Kolofon

Tekst Rijksdienst voor het Cultureel Erfgoed / **Untwerp** en-publique.nl / **Kaarten** Must / **Foto omslach** Nationaal Archief, 2.24.06.02, nr. 162-0065, CC-BY-SA



1930



2010

